

Sneintemoarns yn Lichtaard

As jonkje útfanhuze ik fakentiids by beppe yn Lichtaard. Beppe wie dêr koster. Of kreker sein, it wie in famyljebedriuw. Sadwaande kaam ik dan ek yn, wat no wer de Gertrúdistsjerke hjit.

Foaral sneintemoarns, as der tsjinst wie, fielde ik in spanning. Yn de wenkeamer fan beppe kaam de tsjerkeried byinoar. Ik wie dan al ôffierd nei de tsjerke. Mar ik koe my yntinke, dat dêr hiele spesjale dingen dan barden. It wachtsjen wie dan op dat de tsjinst begjinne soe.

De tsjerkeried kaam dan der yn. Ik koe de dûmny wol sa'n bytsje. Mar as hy yn syn toga troch de tsjerke rûn, wie it foar my in oare man. As hy op, foar de tsjerke hege preekstoel, stie dan betocht ik dat hy wol in profeet wêze koe. Op skoalle hienen wy oar profeten leard.

Wa't ek mei de tsjerkeried der yn kaam, wie master Folkertsma. Lichtaard hat gjin oargel. Dêrom wie master de foarsjonger. Ik kin master Folkertsma noch foar my krije. Hy hie in wat aparte gong oer him. As der songen waard, gie master foar it buordsje stean en sette yn. Master begûn, de tsjerkegongers gienen fierder mei: 'De lofzang klinkt uit Sions zalen'.

It wie in oare mienskip dan ik wend wie. It frij lytse tsjerkje hie in eigen sfear. Lytse tsjerken roppe by my dy sfear fan Lichtaard wer op.

Doe't ik hearde, dat der yn Lichtaard gjin tsjinsten mear holden waarden, haw ik efkes in gefoel fan ûnwennigens hân.

Lokkich, dat de tsjerke no oernommen is troch de Stichting Alde Fryske Tsjerken. It gebou bliuwt behâlden en der wurde noch aktiviteiten yn holden. De tsjerke mei syn rike histoarje hâldt in plak yn it doarpslibben fan Lichtaard.

Abe Westra, Ljouwert